

# PARSEBERJOCHT

30 april 2019

## EU: klup fan de lidsteaten of hoeder fan de regio's?

In Fryslân DOK oer hoe't minderheden harren fiele yn Europa

**De Europeeske minderheden en de EU soene wol wat relaasjeterapy brûke kinne. Dy konklúzje is te lûken út in trijelûk dokumintêren dy't Omrop Fryslân makke hat, mei it each op de Europeeske parlemintsferkiezingen fan 23 maaie. Yn de searje 'De grinzen fan Europa' wurdt pynlik dúdlik dat minderheden slim teloarsteld binne yn de Europeeske Uny.**

Foar minderheden is dy teloarstelling nammerste skrinender, om't sy faak al in drege ferstânhâlding hawwe mei har nasjonale oerheid en 'Brussel' beskôgje as it orgaan dat harren hoedzje kin foar tefolle druk fan it eigen regear. Dochs blykt de Europeeske Uny kear op kear foaral in klup fan lidsteaten te wêzen.

Nettsjinsteande de offisjele slogan 'Unity in diversity' blykt it belang fan de lidsteat foar de EU hieltyd wer sterker te wêzen as dat fan de minsken yn de regio's. Dat is alteast it sterke gefoel dat libbet by de trije minderheden dy't Omrop Fryslân opsocht. De Fryske sjoernalist Onno Falkena gie hjirfoar dwerstroch Europa op syk nei de leafde dy't minderheden hawwe foar de Europeeske Uny. Hy besiket trije regio's: it Bulgaarske Plovdiv dêr't him de grutste Roma-getto befynt, de Sámi yn Sweden en de Val d'Aran yn de Pyreneeën.

Yn it trijelûk 'De grinzen fan Europa' siket Fryslân DOK it antwurd op de fraach wat de minderheidsgebieten oan de EU te freegjen, mar foaral ek te bieden hawwe. By de oprjochting fan de EU wie de ferwachting dat Europa der ek foar de minderheden en de regio's wêze soe. Faak moat de EU lavearje tusken it belang fan de minsken yn de regio's en dat fan de naasjesteaten. It docht bliken dat de Brusselske bestjoerders faak kieze foar it lêste.

### **Fryslân DOK: De grinzen fan Europa**

Snein 5, 12 en 19 maaie fan 17.00 oere ôf alle oeren by Omrop Fryslân op telefyzje. Ek te sjen op sneon 4 maaie, 11 maaie en 18 maaie om 15.30 oere en snein 5, 12 en 19 maaie 13.00 oere op NPO 2. De ôfleveringen binne yn gronologyske folchoarder: de Roma, de Sámi en de Aranezen.

---

### **Noat foar de redaksje:**

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

Mear ynformaasje oer de trije útstjoeringen is te finen yn taheakke dokumint.

# PERSBERICHT

30 april 2019

## EU: club van de lidstaten of hoeder van de regio's?

Een Fryslân DOK over hoe minderheden zich voelen in Europa

**De Europese minderheden en de EU zouden wel wat relatietherapie kunnen gebruiken. Deze conclusie is te trekken uit een drieluik documentaires die Omrop Fryslân heeft gemaakt, met het oog op de Europese parlementsverkiezingen van 23 mei. In de serie 'De grinzen fan Europa' wordt pijnlijk duidelijk dat minderheden erg teleurgesteld zijn in de Europese Unie.**

Voor minderheden is deze teleurstelling nog schrijnender, omdat ze vaak al een zware verstandhouding hebben met een nationale overheid en 'Brussel' beschouwen als de hét orgaan dat hen kan behoeden voor teveel druk van het eigen regeer. Toch blijkt de Europese Unie keer op keer vooral een club van lidstaten te zijn.

Ondanks de officiële slogan 'Unity in diversity' blijkt het belang van de lidstaat voor de EU constant weer sterker te zijn dan dat van de mensen in de regio's. Dat is althans het sterke gevoel dat leeft bij de drie minderheden die Omrop Fryslân opzocht. De Friese journalist Onno Falkena gaat hiervoor dwarsdoor Europa op zoek naar de liefde die minderheden hebben voor de Europese Unie. Hij bezoekt drie regio's: het Bulgaarse Plovdiv waar zich de grootste Roma-getto bevindt, de Sámi in Zweden en de Val d'Aran in de Pyreneeën.

In de drieluik 'De grinzen fan Europa' zoekt Fryslân DOK het antwoord op de vraag wat de minderheidsgebieden aan de EU te vragen, maar vooral ook te bieden hebben. Bij de oprichting van de EU was de verwachting dat Europa er ook voor de minderheden en de regio's zou zijn. Vaak moet de EU laveren tussen het belang van de mensen in de regio's en dat van de natiestaten. Het blijkt dat de Brusselse bestuurders vaak kiezen voor het laatste.

### **Fryslân DOK: De grinzen fan Europa (De grenzen van Europa)**

Zondag 5, 12 en 19 mei vanaf 17.00 uur ieder uur bij Omrop Fryslân op televisie. Ook te zien op zaterdag 4, 11 en 18 mei om 15.30 en zondag 5, 12 en 19 mei om 13.00 uur op NPO 2. De afleveringen zijn in chronologische volgorde: de Roma, de Sámi en de Aranezen.

---

#### **Noot voor de redactie:**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.

Meer informatie over de drie uitzendingen is te vinden in bijgevoegd document.